

## **Ik leau yn God de Heit, dy't yn 't begjin**

1

Ik leau yn God de Heit, dy't yn 't begjin  
de himel skepen hat en de\_ierde;  
ik leau dat Hy, dy't alles kin,  
my ivich drage sil en liede.  
Hy jout my altyd myn gerak  
en alle kwea en ûngemak  
lit Hy te'n bêsten my beteare;  
Hy sil syn help yn need my jaan,  
dat hat Hy tasein as myn Heare,  
dat wol Hy as myn Heit ek dwaan.

2

Ik leau yn Jezus Kristus, Hy is Hear,  
de Soan fan God, syn iennichstberne,  
en Him allyk yn macht en ear;  
Hy kaam op ierde foar ferlernen,  
ûntfongen fan de hill'ge Geast,  
Maria's Soan, ús hoop en treast,  
dy't yn Pilatus' dagen litte,  
en iensum stoar oan 't wrede krús:  
Hy woe Himsels alhiel ferjitte,  
en teach troch grêf en hel foar ús.

3

Hy is ferrize op 'e tredde dei;  
it grêfstee iep'ne Him syn doarren.  
Sa teach Hy by syn freonen wei  
om nei de himel op te farren,  
dêr't oan Gods rjochterhân Hy sit  
en om ús tinkt en foar ús bidt.  
Mar ienkear komt Hy wer ta de\_ierde  
en sprekt my macht en majesteit  
oer alle libbenen en deaden  
it fûnis yn gerjochtichheid.

4

Ik leau yn God de Geast, út Heit en Soan  
ûntsprong yn ivige prosesje.  
Ik leau in tsjerke dy't ferbûn  
is yn har libben en konfesje:  
ien lichem en ien Geast, ien doop,  
ferjouwing fan har skuld, ien hoop  
op ivich libben sûnder triennen.  
Ik leau dat ienris, op Gods dei,  
as sûnde\_en dea foarbygien binne,

ek dit myn fleis wer opstean mei.

*tekst* Fedde Schurer (fers 1, 2 en 3) en David de Jong (fers 4)  
*meldij* Ljouwert 1920